



Opdrachtjouwer: Afûk

De Fryske taal ferstean, praten en skriuwen leare: de Afûk helpt dy dêr graach by! Wy biede in grutte diversiteit yn kursussen oan. Dêrneist ûntwikkelje we lesmateriaal foar it ûnderwiis. Fan pjut oant grut, elkenien leart it Frysk mei de Afûk!

Tegearre mei kollega's fan ferskate taal- en ûnderwiisinstellings wurkje we yn opdracht fan de provinsje Fryslân út Taalplan Frysk 2030 wei gear oan de trochgeande learline en oan de kwaliteit fan it Fryske ûnderwiis op alle nivo's.

Achtergrûn: Yung Frysk

Yung Frysk is in taalpromoasjeprojekt fan Afûk en Omrop Fryslân om jongeren tusken de 16 en 22 jier entûsjast te meitsjen foar it Frysk en se te stimulearjen it Frysk te brûken yn harren deistich libben. Dêrby leit de fokus net op perfekt, geef Frysk: brûk it gewoan sa'tsto it brûkst!

Mei Yung Frysk wolle we in mienskip, in *community* opbouwe, dêr't it Frysk tagonklik yn is foar de hiele doelgroep. Dat fynt foaral online plak, omdat in soad jongeren gebrûk meitsje fan online sosjale media en omdat it in handige manier is om se te berikken.

Omdat in grut part fan de libbens fan de jongeren yn de doelgroep út skoalle en oplieding bestiet, leit in link mei it ûnderwiis foar de hân, mar de fokus fan it projekt is om it just net 'skoalsk' te meitsjen, mar om mei Yung Frysk harren persoanlike libbens om de oplieding hinne te ferriken. Binnen opliedings biedt Yung Frysk wol kontint, mar gjin lesmateriaal of lesaktiviteiten.

Kontint

De kontint fan Yung Frysk kin opdield wurde yn trije streamen. Belangryk yn al dy soarten kontint is dat it werkenber en relevant wêze moat foar de doelgroep.

- Grappige kontint: leechdrompelige kontint dy't de doelgroep oansprekt en dy't werkenber en grappich is. Bygelyks troch oan te sluten op de aktualiteit en online trends. Doel is om de doelgroep oan te sprekken en benijd te meitsjen, en dêrneist om derfoar te soargjen dat se it Frysk tsjinkomme yn online omjouwings.
- Serieuze, ynhâldlike kontint: dy kontint giet fierder en djipper, dêrby is it it belangrykst dat it de doelgroep oansprekt. Kontint dy't relevant is foar de doelgroep, dy't petearen en diskusjes op gong bringt en dy't it útwikseljen fan tinzen en ûnderfiningen oanmoediget.
- Ynspirearjende kontint: as foarbyld om minsken te binen en yn beweging te setten.

Oan Yung Frysk wurket in wikseljend team fan seis studinten (mbû en hbû) oan it meitsjen fan kontint. Dy studinten komme fan allegear ferskate opliedings en wurkje oan ferskillende ûnderdielen fan Yung Frysk: út de trije earder neamde streamen wei komme ferskillende soarten posts, fideosearjes en mear. Sjoch mar ris op TikTok¹, Instagram² en YouTube³ om in idee te krijen fan ús kontint!

¹ <https://www.tiktok.com/@YungFrysk>

² <https://www.instagram.com/YungFrysk/>

³ <https://www.youtube.com/@YungFrysk/featured>

Wa't wy sykje

Wy sykje entûsjaste studinten dy't in mediaopliedings dogge en dy't dingen leare wolle op it gebiet fan fideo (filmje en/of bewurkje), sjoernalistyk, wurkje yn in kreatyf team, marketing en kommunikaasje en it kreëarjen fan (online) kontint. It is net perfoarst nedich om Frysk prate te kinnen, mar it is wol winsklik datst it ferstiest: do komst yn Frysktalige organisaasjes terjochte, dus it grutste part fan de kommunikaasje is yn it Frysk.

Welmoed Sjoerdstra (Afûk) en Darshan Boerema (Omrop Fryslân) binne direkt oansprekpunt foar it kontintteam en gean graach mei dy yn petear. Welmoed Sjoerdstra sil op papier dyn begelieder wêze, yn de praktyk wurdt de begelieding troch alle relevante meiwurkers by Afûk en Omrop Fryslân dien. De perioade dêr't de stazje yn rûn wurdt is yn oerlis.

Ynteresse? Nim kontakt mei ús op en stjoer dyn cv, portfolio en motivaasje nei Welmoed Sjoerdstra ta (welmoed.sjoerdstra@afuk.frl). Dan hawwe wy it der even oer.